Keetwaltje 1
8921 EW Ljouwert
058 2138913
www.fryskebeweging.nl
Renze W. Valk (Skriuwer)
058 2883259
rwvalk@chello.nl

**Reaksje (22-10-2006) fan de *Ried fan de Fryske Beweging* yn 'e mande mei de *Feriening Frysk Underwiis* op de *Untwerpnota Frysk Taalbelied 2007 -2010, better sichtber, mear fertroud***

De *RfdFB* sprekt syn wurdearring út oer de 'foarstap' fan Deputearre Steaten om te kommen ta in nije taalnota. Boppedat achtet de Ried it posityf dat DS foar in proseduere keazen hat om de oanbelangjende ynstânsjes de kâns te jaan mei te praten en te tinken oer it ûntwerp. Dat hâldt tagelyk ek in gefaar yn: nammentlik dat it sa maklik in petear wurdt fan 'berops-bewegers' en de sljochtweihinne ynwenner fan Fryslân syn sechje net docht. De posysje fan it Frysk freget der krekt om dat bredere lagen fan de befolking in (taal)bewustwurdings-proses trochmeitsje. Soks hoecht net slim te wêzen as yn de nota en de útfiering dêrnei rom omtinken jûn wurdt oan dat bewustwurdingsproses. Op side 6 wurdt dêr in opmerking oer makke. Mei de strekking dêrfan binne wy it tige iens, mar neffens ús soe dat part de kearn fan de nota wêze moatte. Wat dat oanbelanget is de titel fan it ûntwerp goed keazen.

As de Ried hjirnei in tal krityske opmerkings makket, dan moatte dy sjoen wurde tsjin de eftergrûn fan de wurdearring dy't de Ried hat foar de positive ynstek fan DS.

1. Op side 4 (fyzje) neamt de nota in stikmannich ûndersiken. *Taal yn Fryslân* (1995) is net sa resint mear. Yn it lêste desennium is der nochal wat feroare. Dat ûndersyk joech in byld dat it allegearre wol wat tafoel. Ek de ûndersiken fan de Ried en Afûk/LC hawwe wat in gerêststellende tendins. Dy ûndersiken beskriuwe it taalgebrûk fan de totale befolking fan Fryslân. It is dêrom spitich dat resintere ûndersiken dy't krekt wat mear rjochte binne op de taaloerdracht oan de jongerein, net neamd wurde. De ûndersiken fan Driessen (*Moerstaal verdwijnt snel. Steeds minder kinderen spreken een streektaal of dialect*, 2006) en fan Van der Bij en Valk (*Fries in het voortgezet onderwijs. Een Echternachse processie, 2005*) litte krekt sjen dat de taaloerdracht fan it Frysk yn de húshâldings hurd efterút rint. Soks hâldt dan tagelyk yn dat taalbefoardering fan it Frysk dêrop ynstekke moat. Wy misse dêrom by de doelstellings ûnderoan side 4 krekt de doelstelling dat mear âlden it Frysk trochjouwe oan har bern. As it by it ûnderwiis begjinne moat, dan komt dat in pear jier te let. It ûnderwiis kin dy efterstân net mear ynhelje.

2. De doelstellings sels (yn it kaderke) hawwe ús ek fernuvere. Dêr sprekt gjin heech ambysjenivo út. Alle persintaazjes binne leger of mar krekt heger as yn it *Afûk/LC*-ûndersyk (2003) en *TyF* (1995) (sjoch de tabel). It liket der op dat DS har derby deljouwe dat minder bern as 10 jier lyn Frysk prate kinne. Soks soe op syn minst op itselde nivo bliuwe moatte. Fierders achtsje wy it stribjen dat oer 14 jier 20% Frysk skriuwe kin fierstente leech. Dêrmei wurdt der akseptearre dat in grut part fan de befolking foar it grutste part analfabeet is yn de eigen taal. Hjir is fan lykweardigens gjin sprake.

| | Afûk/LC-TyF | doelen 2020 |
|---|---|---|
| ferstean | 96% (yn 2003) | 95% |
| lêzen | 68% (yn 2003) | 70% |
| praten | 74% (yn 1995) | 70% |

| | | |
|---|---|---|
| praten jongerein | 70% (yn 1995) | 50% |
| skriuwen | 17% (yn 1995) | 20% |

3. Fierders wurdt der op deselde side 5 ferwiisd nei ûndersiken fan û.o. *Partoer* dêr't yn sein wurdt dat it Frysk mear *sichtber* wurde moat. Dêr is de Ried it folslein mei iens, mar dat hâldt tagelyk yn dat de ynstellings foar wolwêzen en soarch dêr sels yn har dwaan en litten folle mear oan dwaan moatte. De provinsje soe by de ferdieling fan de subsydzjes de easken foar it brûken fan it Frysk yn dy ynstellings oanskerpje kinne. De Fryske gemeentlike en provinsjale bestjoerders sille mear as oant no ta it Frysk aktyf brûke moatte om ynhâld te jaan oan de yn de nota bepleite ‘moderne útstrieling’. Soks hoecht net allinne yn de nije media socht te wurden. It belang fan de foarbyldfunksje fan pommeranten yn gebieten fan minderheidstalen is algemien bekend.

4. De opmerking oer Omrop Fryslân is de Ried it mei iens. De Ried soe mear omtinken hawwe wolle by Omrop Fryslân foar de berneprogramma's. Benammen lytse bern hawwe no oerdeis in romme kar út Hollânsktalige programma's. Dêr stekt it lytse bytsje Frysk foar de bern skril by ôf.

5. Ek oangeande side 6 wol de Ried in stikmannich krityske kanttekenings meitsje. De Ried is ek fan betinken dat de oandacht him rjochtsje moat op jonge âlden en de taaloerdracht yn de húshâldings. Alden moatte harren bern ek taalbewust meitsje. Goede foarljochting kin dy bewustens fuortsterkje, mar der moat wol rekken mei holden wurde dat *goed witte* noch net *goed dwaan* ynhâldt. Der spylje ek oare psychologyske faktoaren in rol yn it taalgedrach fan minsken. It bekende fenomeen fan meistimming makket dat de twatalige meastentiids oerskeakelet op de taal fan de ientalige. Jo merkbite dat op de skoalpleinen: dêr’t yn it ferline eins allinne mar Frysk praten waard, is no allinne noch Hollânsk te hearen. Bern binne dêr it ‘earlikst’ yn en passe har gau oan de ientalige oan.

It wol de Ried wol oan dat der minder negatyf oer meartalichheid tocht wurdt yn Fryslân, mar de opmerking op side 6: “ [...] it Frysk ûntjout him, kriget mear plak yn húshâldens, op skoallen, yn ferienings en yn nije domeinen lykas de rekreaasjesektor” liket mear op in winsk as op in waarnimming. It tsjinoerstelde is makliker te merkbiten. Undersiken wize krekt út dat der minder Frysk praten wurdt yn de húshâldens en de ynspeksjeferslaggen hawwe it krekt oer it marzjinale karakter fan it Frysk op skoallen. Dat der âlden binne dy’t wol wat mear Frysk op de skoallen hawwe wolle as de learkrêften, liket hoopfol, mar it giet dan noch mar om in lyts persintaazje fan alle âlden.

It liket de Ried yn dat ferbân ek net korrekt om te tinken dat de taalferhâldings *stabyl* binne. Dat it Frysk al mear as 500 jier de sprektaal fan de gewoane man wie, komt troch de stabiliteit dy’t der op it plattelân hearske. Krekt de lêste 50 jier is dat feroare; de stabiliteit fan eartiids is der net mear en dat hat gefolgen foar it Frysk. Men hoecht de sifers fan 1967 mar te ferlykjen mei de meast resinte sifers. Somtiden hat de Ried it gefoel dat feitlikheden net neamd wurde kinne, omdat jo posityf tinke moatte. Dat is begryplik, mar de kop yn it sân stekke helpt ek net. Allinne in goede analyze kin bydrage oan it sykjen nei oplossings. Wat dat oanbelanget hinkelet paragraaf 2 wat op twa gedachten. Oan de iene kant ‘it falt wol wat ta’ en oan de oare kant ‘der moat no wol wat dien wurde’. In ferfolchûndersyk fan *Taal yn Fryslân* kin grif better ynsjoch jaan.

Dat wol net sizze dat de Ried it net iens is mei de 4 oandachtspunten fan dizze paragraaf. It beneamen fan de kearnpunten is makliker as oan te jaan hoe’t de doelen berikt wurde

moatte. Te tinken falt bygelyks oan selsbetrouwen en feiligens: hokfoar middels binne dêrta? By skriuwfeardigens wie de âlde twatalige skoalle yn de 60'er en 70'er jierren in middel. De útkomsten fan de trijetalige skoallen lykje ek posityf foar it Frysk út te fallen.

6. Op side 5 en 8 giet de nota út fan de twa kearnbegripen út 'Fan Geunst nei Rjocht'. Op himsels is dat begryplik, mar de Ried freget him ôf oft dat útgongspunt noch wol strykt mei de deistige wurklikheid. As it Frysk foar de takomst bewarre bliuwe moat, dan sil it in *foarkarbehanneling* hawwe moatte. Der is no miskien wol fierhinne sprake fan lykberjochtiging, mar de *lykweardigens* yn *it brûken* is fier te sykjen. De Ried pleitet dêrom foar in **nij** útgongspunt yn de nije taalnota: *positive diskriminaasje foar it Frysk oer*. No sprekt der in wat passive hâlding út haadstik 2 (oerheden). Sa wurdt yn de twadde alinea (s. 8) it wurdt 'tastean' brûkt. De bedoeling fan it provinsjebestjoer soe sterker wurde as allinne it lêste part fan de sin der stean soe en it *tastean* weilitten waard.

De ambysje yn de nota is, it is al earder sein, net grut. De Ried pleitet foar in heger ambysjenivo. Dêrby past dat Fryslân wat it Frysk oanbelanget mear baas yn eigen hûs wurdt. Dêrfoar is it nedich dat it Provinsjaal Bestjoer mear foech kriget foar it regeljen fan saken foar it Frysk. It is ek wichtich dat der yn Fryslân in ynstitút foar *taalkwaliteit* komt mei guon skaaimerken dy't ek jilde foar de *Nederlandse Taalunie*.

In orgaan dat ferlykber is mei de *Welsh Language Board* is foar Fryslân neffens de Ried ek nedich. It stellen fan easken op it mêd fan it behearskjen fan it Frysk by oanstellings/beneamings is ek in saak dêr't mear oan wurke wurde moat. De frijbliuwendheid dy't no oer it generaal jildt, soe minder wurde moatte. Foar fierdere details oangeande mear ambysje ferwiist de Ried nei it kommentaar dat de Ried levere hat op de nota *Boppeslach*.

Oer de 'doelstelling/resultaat oant en mei 2010' op side 8 it folgjende: de Ried is der wiis mei dat 20 gemeenten in taaloardering hawwe. Dat seit fansels noch neat oer de ynhâld. In fraach fan de Ried is dêrom: wat binne de betingsten dy't der oan sa'n taaloardering steld wurde en is dy ek bedoeld om amtners en boargers oan te setten ta mear Frysk yn de omgong, sawol mûnling as skriftlik? Dêrom achtet de Ried it ek tige teloarstellend dat de gemeenten amper middels útlûke foar de ynfolling fan it taalbelied en de VFG foar harsels gjin aktive rol sjocht (side 9). De Ried hie dêrom ek leaver sjoen dat it net by 'de oanpak' bliuwt, mar dat der *konkrete* produktdoelen steld wurde. It proses kriget yn de nota mear omtinken as it produkt. Prosessen hawwe allinne doel as der konkrete produkten berikt wurde moatte. De provinsje freget soks ek fan de organisaasjes dy 't subsydzje krije.

7. By it haadstik 'soarch en wolwêzen' (side 10) hat de Ried de folgjende fragen:
- Werom soene yn 2010 mar 50% fan de âlden in bewuste taalkar meitsje moatte? Hearre net alle âlden dat te dwaan?
- Is de doelstelling berikt as dy 50% derfoar kieze om de bern yn it Hollânsk grut te bringen?
- Soe it stribjen net wêze moatte dat yn mingdtalige húshâldens elts syn eigen taal tsjin de bern praat? Dêr binne genôch goede en suksesfolle foarbylden fan.
- Hearre net alle sikehûzen yn Fryslân rekken te hâlden mei de taal fan har klanten? Wêrom hjir en ek by de fersoargingshuzen sa'n leech ambysjenivo?
- As it de provinsje tinken is mei foarljochting oan oankommende âlden, wêrom ferwiist de provinsje dan al twa jier lang nei it *Stipepunt Frysk* as de Ried dêr al in jiermannich in plan foar hat, mar dêr gjin finânsjele stipe fan de provinsje foar krije kin? It *Stipepunt* hat der oant no ta noch neat mei dien.

8. De paragraaf oer it ûnderwiis (side 12) befettet in stikmannich heldere doelstellings. Oer de nei te stribjen persintaazjes en oantallen kin men fan miening ferskille. De Ried wol hjir noch wol opmerke dat der in wikselwurking is tusken ûnderwiis en maatskippij. Mei oare wurden: as der yn de mienskip gjin ferlet is fan it Frysk, dan is dat foar it ûnderwiis net in stimulâns om folle oan Frysk te dwaan. Oarsom jildt ek: as de skoalle gjin minsken ôfleveret dy 't har ek skriftlik mei it Frysk rêde kinne, dan beropt de mienskip him op oermacht: wy wolle wol, mar kinne net. Yn de nota wurdt net yngien op de situaasje fan it Frysk yn it *spesjaal* ûnderwiis. Dochs moat dêr foar it Frysk noch wol it nedige regele wurde. Om't de FFU dêr al faak omtinken foar frege hat, ferwiist de Ried foar mear ynformaasje dêroer nei de **bylage** by dizze reaksje.

- Oer de *taalkoördinatoaren*: Der berikke de Ried faak berjochten dat de no oplate taalkoördinatoaren har mear rjochtsje op *efterstannen* as op in *yntegrale oanpak fan taal*. Frysk skynt dêrby faak 'fergetten' te wurden. Yn de oplieding fan de koördinatoaren sil dêrom rom omtinken foar meartalichheid wêze moatte.

- Fierders is de Ried benijd nei de *operasjonalisaasje* fan it begryp 'draachflak'. Wer sjogge jo dat oan en hoe kinne jo dat mjitte? Itselde jildt foar de omskriuwing 'in goede en fanselssprekkende posysje foar de Fryske taal en kultuer oer'. Hjir ûntbrekt it ek oan in operasjonalisaasje.

De Ried freget him ôf oft it noch wol mooglik is om yn de besteande hegeskoallen foldwaande romte foar in twatalige oplieding te realisearjen. Soe it net better wêze om te stribjen nei in selsstannige meartalige learareoplieding (basis- en fuortset ûnderwiis)? Sa'n meartalige ynternasjonale oplieding soe mooglik better syn gerak krije as dy by de Fryske Akademy ûnderbrocht wurde soe.

- De Ried freget him ôf oft der eins wol in *wetlik foech* is. Yn de tachtiger jierren binne alle ôfsûnderlike foegen ôfskaft foar it basisûnderwiis. Hat it foech sa as dat no útrikt wurdt troch de hegeskoallen, wol in wetlike status? En wat ferstiet de opsteller fan de nota krekt ûnder in 'goede ynhâldlik en fakdidaktyske kwaliteit'? De hjoeddeiske opliedings tinke dat soks no ek al sa is. Dochs blike der guon te wêzen dy't it foech krije, mar net Frysk prate kinne. Mei oare wurden wat is goed en foldwaande?

9. Oer de lêste paragraaf (Ryk en Europa) wol de Ried twa opmerkings meitsje:
- De kontakten mei oare minderheidstaalgebieten binne tige wichtich. Se ferromje it eachweid en binne tige learsum. De *Fryske Rie* hat al jierrenlang ûnderfining op dat mêd en hat syn wurk altyd mei beheinde middels dwaan moatten. Yn de oanpak soe it dêrom net allinne gean moatte om it 'yntinsivearjen' fan de kontakten mei de Fryske Rie, mar sil dêr ek jild by moatte. De Ried is al in jiermannich lid fan de FUEN en docht folop mei oan de kongressen. In jier as fiif lyn hat de Ried it foar elkoar krigen om it kongres op It Hearrenfean te hâlden. De Fryske jongerein fan it FYK is tige warber yn de FUEV en is dêr ien fan de driuwende organisaasjes (sjoch de hiemside fan FYK). It fernuveret de Ried dat by de oanpak op side 17 mei gjin wurd oer de FUEN en har jongereinôfdieling praat wurdt. De Ried begrypt net wêrom oft de FUEN sels net iens de kâns kriget om mei de deputearre te praten. De motivearring fan de ôfwizende hâlding is de Ried net bekend.

*181006-2*

**Bylage by it brief (reaksje) fan de *RfdFB* en de *FFU* fan 18 okt. 2006**

By de oergong fan de ISOVSO (*Interimwet op het Speciaal Onderwijs en het Voortgezet Speciaal Onderwijs*) nei de *Wet op de Ekspertizesintra* (WEC) is in bepaling oer it Frysk, sûnder in eksplisyt útstel dêrta yn it wetsfoarstel, net oernommen yn de *Wet op de Ekspertizesintra*! Yn de ISOVSO stie earder: "De scholen in de provincie Friesland geven met reden omkleed aan op welke wijze aandacht wordt besteed aan de Friese taal en cultuur." De iennichste ferplichting dy't der al wie, is dêrmei ynienen weiwurden! Dêrmei wie der neat oerbleaun fan it útstel fan de 'Commissie Fries in het Buitengewoon Onderwijs' (ynsteld troch de steatssikretaris fan ûnderwiis en wittenkippen, de hear A.J. Hermes, en op 23 april 1979 troch him ynstallearre). Dat útstel foar in wetlike basis fan it Frysk yn it bûtengewoan ûnderwiis waard yn it einrapport sa formulearre:
*'Het leerplan van de scholen voor buitengewoon onderwijs in Friesland vermeldt tevens dat het* ***Fries mede als voertaal wordt gebruikt*** *en geeft voorts aan dat en op welke wijze de leerlingen in* ***aanraking worden gebracht met de Friese taal en kultuer****, daarbij rekening houdend met hun ontwikkelingsmogelijkheden en hun ontwikkelingsniveau'* (Eindrapport "Commissie Fries in het Buitengewoon Onderwijs", Ministerie van OenW, Staatsuitgeverij, 's-Gravenhage juli 1981, s. 62).

Twa soarten ferplichtings dus. Steatssikretaris drs. G. van Leijenhorst hat it útstel fan de kommisje om de learlingen 'in aanraking te brengen met de Friese taal en cultuur' wòl oernommen (yn wat oare wurden, sjoch boppe), mar wegere om it Frysk as fiertaal ferplichte te stellen: "Weliswaar onderschrijf ik het uitgangspunt van de commissie, dat de taal van waaruit het kind leeft van groot belang is en het gebruik van voertaal derhalve niet vrijblijvend kan zijn. Naar mijn mening echter biedt de eigen verantwoordelijkheid van schoolbesturen ook bij de huidige facultatieve regeling wat dit betreft reeds voldoende waarborgen' (brief oan de Twadde Keamer, d.d. 11 okt. 1984, kenmerk BO/SP 19.812).

Dat fertrouwen yn de ferantwurdlikens fan de skoalbestjoeren is yn 25 jier net wiermakke troch it spesjaal ûnderwiis. It hat in fearnsieu fan stilstân en relative efterútgong west, ta grutte skea fan it Frysk. Wy achtsje soks fier ûnder de mjitte. Wy steane der by de provinsje op oan om op hiel koarte termyn, mei op grûn fan kêst 8 fan it *Europeesk Hânfêst foar minderheidstalen*, it ministearje en it parlemint derfan te oertsjûgjen dat net allinnich 'een aanmerkelijk deel' fan it *primêr* ûnderwiis jûn wurde moat yn it Frysk (kêst 8, earste lid, ûnderdiel b ii), mar dat soks ek it gefal wêze moat yn it *spesjaal* (fuortset) ûnderwiis. Dat freget op syn minst om reparaasjewetjouwing foàr 2010. Nei 2010 ferdwynt foar 't neist it wetlike ûnderskied tusken reguliere en spesjale skoallen. Dêr kin it lykwols net op wachtsje.

Yn de tuskentiid hat it spesjaal (fuortset) ûnderwiis, (V)SO, foar alle klusters syn eigen, *oanpaste ferplichte kearndoelen* krige mei útsûndering fan it Frysk, grif omdat der gjin wetlike basis (mear!) foar is. Wy steane der mei klam op oan om aksje te ûndernimmen yn de rjochting fan De Haach om dêr mei gauwens ek feroaring yn oan bringe te litten. De doelen foar Frysk en Nederlânsk hearre dêrby lykweardich oaninoar te wurden. De FFU hat him by ûnderskate gelegenheden hjiroer ta de Minister fan OCW en de Twadde Keamer rjochte (sjoch ek it webstek fan de FFU, brieven 2005 en 2006). En, doe't de minister net bewege woe, der by de Twadde Keamer op oanstien om mei inisjatyfwetjouwing te kommen. Oant no ta sûnder hokfoar konkreet sukses dan ek.

*181006sth2*